

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Kolleezje fan Deputearre Steaten
Ynljedende taljochting	<p>De evaluaasje fan de yntegraasje fan de doarpshuzenregeling yn it IMF is ús foar dizze simmer tastjoerd. Wy hiene earder dit jier yn skriftlike fragen (skaaimer 01969589) dernei frege. Dêrfoar tank.</p> <p>Efkes in rekapitulaasje: Op 14 maaie 2019 waard út de antwurden fan de amtlike tsjinst<sup>1</sup>dúdlik dat der yn 2018 7 oanfragen dien wienen wêrfan noch 2 oanfragen yn behandeling wienen ûnder de âlde doarpshuzenregeling.</p> <p>Op 27 nov 2019 wurdt troch PS de kar makke ta yntegraasje fan de âlde regeling yn it IMF. Omdat it by moetingssplakken om gruttere bedraggen giet, is der in ekstra kategory tafoege om in bydrage oan ferbou en nijbou mooglik te meitsjen. It giet om in kategory tusken de tusken de € 35.000 en € 75.000.</p> <p>Op 16 desimber 2020 wurdt yn in earste evaluaasje mei skaaimer: 01822111 dúdlik makke dat “yn de regeling de mooglikheid opnommen wie om by útsûnderlike moetingssplakken in berop dien wurde kin op in direkt beslút troch DS oer de hichte fan de finansjele bydrage.” Omdat dizze passazje foar ûndúdlikens soarge wurdt troch DS besluten “dy passazje út de regeling te skrasjen.” Ek wurdt oanjûn dat “by de start fan de yntegraasje net dúdlik kommunisearre is oer de mooglik- en ûnmooglikheden dy't it IMF biedt.”</p> <p>Op 15 maart 2022 krijt de ChristenUnie antwurd op in tal fragen mei skaaimer 01969589. Op fraach 4, wêryn't frege waard oft der by it kolleezje situaasjes bekend wiene fan doarpshuzen dy't ûnder dizze nije regeling yn ferhâlding minder of gjin subsydje krigen ha as men dat fergeliket mei de âlde doarpshuzenregeling, wurdt antwurde dat dit aspekt in “wichtich ûnderdiel fan de evaluaasje” wêze sil. Op fraach 5 oft der doarpshuzen, dy't troch de feroarings yn de knipe kommen binne, by it kolleezje bekend wiene, waard antwurden dat PS foar it simmerreses 2022 dêroer ynformearre wurde soe.</p> <p>No is PS wol foar de simmer ynformearre mei it resultaat fan de evaluaasje (skaaimer 02000279), mar dêr wurdt dizze fraach net yn beändere. Ús is út</p>

<sup>1</sup> Fia mail fan mevr. [REDACTED]

2.1 Dorpshuizen	Aantal aanvragen	Aantal toegekend	Totaal toegekend subsidiebedrag	Subsidieplafond
2016	28	23	€ 877.040,-	900.000,-
2017	18	14	€ 716.951,-	900.000,-
2018	7	5 (nog 2 in behandeling)	€ 181.536,-	900.000,-

	<p>kontakten mei Doarpswurk dúdlik wurden dat der yn de oergongsfaze twa doarpshuzen wiene dy't yn 'e knipe kamen, wêrfan ien no wol mei de IMF-regeling út de fuotten kin, mar de oare net.</p> <p>Op ús eardere fragen oer de kommunikaasje is it antwurd dat alle doarpshuzen yn byld by Doarpswurk ynformearre binne. Tagelyk wurdt út de earste evaluaasje fan ein 2020 dúdlik dat dit noch te winskjen oerlitten hat. It is de fraach oft dizze ynformaasje wol goed oerkommen is by yn elts gefal ien fan de partijen dy't mei in oanfraach dwaande wie yn 2019. Dizze oanfraach is troch dizze party fersteld omreden fan de oankommende nije regeling ûnder it IMF.</p> <p>De lêste fraach 13 wie: "As fêststeld wurdt dat der partijen binne, dy't troch de feroarings by einbeslút minder subsydzje krigen ha — en dêrmei net wittend yn de knipe kommen binne - as op grûn fan de âlde regeling yn de ferwachting lei, op hokker wize wol it kolleezje dizze partijen temjitte komme?" It antwurd wie: "Wy komme dizze partijen net temjitte."</p> <p>Yn de regeling stie, ferzje 2020, dat by útsûnderlike moetingssplakken in berop dien wurde kin op in direkt beslút troch DS oer de hichte fan de finansjele bydrage. Fan dy útwei wurdt troch it kolleezje gjin gebrûk makke. Ek no dúdlik is dat der mar ien doarpshûs yn byld bliuwt dy't no net op deselde wize as earder holpen wurde kin by de nijbou fan in doarpshûs. Dit is it doarpshûs foar Seisbierrum/Pieterbierrum. Einliks is dit inisjatyf in moetingssplak foar trije partijen en kin allinnich al dêrom sprutsen wurde fan in útsûnderlike situaasje. Neist dat hja al jierren foar de ienfiering fan de nije regeling dwaande wiene en rekken hâlden hiene mei – no net mear - besteande regelingen.</p> <p>De fraksjes fan de ChristenUnie en D66 hawwe fragen oer dit proses.</p>
Fragen	<p><i>Fraach 1:</i></p> <p>a) <i>Wie de situaasje fan dizze partij dy't tusken de wâl en it skip fallen is, net in útsonderlike situaasje?</i></p> <p>b) <i>Hat it kolleezje har wol bewust west fan dizze útsûnderlike situaasje?</i></p> <p>Tagelyk waard dizze passaazje út de regeling skrasse.</p> <p><i>Fraach 2:</i> <i>Wie it skrasse fan dizze passaazje it foech fan DS of hat DS dat mei ynstimming fan PS dien?</i></p> <p>Ut kontakten mei dizze oanfreger docht ús bliken dat hja fia it IMF – ek yn de kategory oant 75.000 - gjin oanfraach dwaan kin foar de bou, wylst dat wol de kategory is dy't yn it libben roppen is om de doarpshuzenregeling soepel ûnder te bringen yn it IMF. Dat is dien op basis fan in breed droegen beslút troch Provinsjale Steaten mei amendemint Doarpshuzenregeling 2.0 d.d. 26-09-2018. Yn de brief oer dat amendemint mei skaaimerik 01630128 wurdt troch DS oanjûn dat moetingssplakken ek ûnder it IMF in oanfraach dwaan kinne soene foar de bou en ferbou. No dat net it gefal liket te wêzen wurdt ús mûnling amtlik antwurde dat dêrfoar al oanfragen fia LEADER dien binne en dat der fia it IMF gjin oanfraach mear foar de stiennen dien wurde kinne, mar allinne oanfragen foar de ynrjochting.</p> <p>Ut dyselde kontakten docht bliken dat hja yn dizze oanfraach net goed ynformearre binne oer in blokkade op dit punt.</p> <p><i>Fraach 3:</i></p>

	<p>a) <i>Hoefolle subsydzje soe it doarpshûs yn Seisbierrum krije kinne yn de âlde doarpshuzenregeling foar de bou, neist in oanfraach foar de ynrjochting by it IMF? Hoe folle subsydzje kin it doarpshûs yn Seisbierrum krije yn de nije IMF-regeling foar de bou, neist in oanfraach foar de ynrjochting by it IMF? Hoefolle subsydzje kin in doarpshûs yn begjinsel yn de nije IMF-regeling krije foar de bou?</i></p> <p>b) <i>Op hokker wize hat DS PS ynformearre oer it fuortlitten fan it eksplisite beslút fan de Steaten om de mooglikheid te behâlden in bydrage te dwaan oan de bou fan in doarpshûs ûnder de IMF-regeling?</i></p> <p>Fraach 4:</p> <p>a) <i>Is boppesteande foar DS net genôch oanlieding om nochris nei dizze situaasje te sjen en mei weromwurkjende krêft gebrûk te meitsjen fan de escape yn it earst fêststelde belied yn 2020?</i></p> <p>b) <i>Is it kolleezje it mei ús iens dat troch de útsûnderlike situaasje fan dizze partij fan presedintwurking gjin sprake wêze kin?</i></p> <p>De mienskip dy't op trijefâldige wize gebrûk meitsje sil fan de te realisearjen romte hat al sûnt de earste stappen bliken dien fan in grutte belutsenens. Wie it bedrach fanút de mienskip rûst op 30.000,- no wurdt al rekken hâlden mei in bedrach fan 250.000. En dit liket ek te slagjen.</p> <p>Fraach 5: <i>Is it kolleezje mei de kennis fan no noch fan betinken dat de partij yn kwestje net temjitte komme wurde kin?</i></p> <p>En fierder noch graach antwurd op ús earder stelde fraach:</p> <p>Fraach 6: <i>Wiene der op it stuit fan de oergong by it kolleezje doarpshuzen bekend dy't troch oanpassings yn de regelings of kombinaasjes fan regelings yn de knipe kommen binne of komme soene kinne mei de realisaasje fan projekten dy't al foar 2020 yn gong set binne? Graach mei motivaasje.</i></p>
--	---

Yntsjinners	(fraksje / namme / hântekening)
	Lieuwe van der Pol, ChristenUnie Bea Bijlsma, D66

Datum	21-10-2022
-------	------------